

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte lid DS	Deputearre A. Fokkens
Ynliedende taljochting	<ul style="list-style-type: none"> <li>• Yn de Steategearkomste fan 21 septimber 2022 is de moasje mei namme 08Moasje01OANPAST-Integrale visie Havennetwerk Fryslân oannommen.</li> <li>• Op 4 oktober 2022 waard yn de Harmonie troch it Havennetwerk Fryslân in strategyske aginda presintearre.</li> <li>• Yn de kommene tiid sil wurke wurde oan de ferbettering fan de brêgen oer it PM-kanaal</li> </ul> <p>It ekonomysk belang fan ferfier oer wetter yn Fryslân wurdt besifere op sawat 1 miljard op jierbasis. In protter Reders ha harren domisylje yn Fryslân. De Maritime academy yn Harns soarget foar 60% foar de oplieding fan de Nederlânse bemanning. Mei 500 studinten is dit de grutste MBU foar binnenskipfeart yn West-Europa. Nederlân is yn West-Europa fierwei de grutste spiler.</p> <p>It Havennetwurk Fryslân is fan ûnderen op ûntstien. It bestiet al út 28 bedriuwen en in pear kennisynstituten en belangenorganisaasjes nimme diel. Fjouwer gemeenten mei in binnenhaven yn Fryslân stypje dit inisjatyf.</p> <p>It doel fan it Havennetwerk Fryslân is om de binnenskipfeart út te bouwen sadat der mear ferfier fan de wei nei it wetter ferpleatst wurdt. Dit hat oantoand effekt op de beheining fan gebrûk fan fossile brânstoffen. It PM-kanaal is wichtich foar Fryslân, Grins en Drinte. Ek it ferfier nei Dútslân blykt ta te nimmen as der bygelyks op de Waal te min wetter stiet.</p> <p>Sirkulêre aspekten foarmje ek yn dit ferfier in wichtich ûnderwerp. Sawol wat der ferfiert wurdt as de skippen sels krije in gruttere betsjutting op de sirkulêre merke.</p> <p>Dit inisjatyf laat foar ús ta de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Hoe wichtich fynt DS it om mei de ferskate gemeenten mei in haven foar de binnenskipfeart gear te wurkjen om te kommen ta in fyzje sa as bedoeld yn de moasje fan 21 sept 2022?</li> <li>2. Op hokker wize is DS dwaande om te wurkjen oan in integrale fyzje?</li> <li>3. Is DS ree om ek mei dit netwurk gear te wurkjen om te kommen ta in yntegrale fyzje op in havennetwurk</li> </ol>

	<p>yn Fryslân? Wat binne de stappen dy dan setten wurde sille?</p> <ol style="list-style-type: none"><li>4. Sjocht DS kâns om yn dizze fyzje mei namme it sirkulêre aspekt fan ferfier oer wetter mei te nimmen by it opstellen fan dizze fyzje?</li><li>5. Under wat foar betingsten kin neffens DS de provinsje ek partisipearje yn dit netwurk?</li></ol>
--	--

Yntsjinner(s)	ChristenUnie, Matthijs de Vries
---------------	---------------------------------

Datum	29 novimber 2022
-------	------------------